

# Spegel fan in komplisearre wrâld

FD 20-05-2006

troch Gerbrich van der Meer

**Y**n 'Pauwehûf', de lêste roman fan Aggie van der Meer is de lêzer in passant. In foarbygonger dy't 108 siden lang in priuwke krijt fan hoe't it binnen- en bûtendoarren om en ta giet op Pauwehûf, in lyts buertskipke mei 'trije huzen ûnder it bewâld fan beammen, mânse struken en hiele fjilden hoannepoat'. De lêzer kriget in glimp te sjen fan in deistich skoftke libben fan trije sljochtwei húshâldingen: it echtpear Bruno en Wilma Faber, Anne en Bo Remer en de nije bewenner Bernt Hof.

Foar de dúdlikheid: net alle trije ferhaallinen sille oan de ein fan de roman útiten wêze, mar dat is yn dit gefal net sa slim. De lêzer is ommers passant.

Stadichoan wurdt dúdlik dat der yn de ferskillende wenten fan dat uterlik fredige Pauwehûf nochal wat spilet. Anne en Bo Remer hawwe in famke dat oars is as oars en net goed meikomme kin. Be-

nammen heit Remer makket him soargen oer syn dochter Chris. Foaral no't se fereale wurden is op Daan, in jonge dy't de tún by buorlju docht en geastlik ek wat beheind is.

Buorlju Wilma en Bruno Faber lykje uterlik in fredich stel. Se hawwe har yn har houlik altyd liede litten troch har strenge ortodokse leauwe. It docht lykwols bliken dat Wilma dêr net mear mei út de fuotten kin. Wêrom komme we net rjocht achter, mar it hat wol fan gefolgen dat se romte foar har sels hawwe wol. Se wol sels oan it wurk as maatskiplik wurkster. Har man Bruno kin dat net rjocht sette. It komt him dan ek net min út dat er, tafalligerwize troch in hoanne, yn 'e earms fan in oare frou dreaun wurdt.

De meast útwurke ferhaalline foarmet dy fan de nije bewenner Bernt Hof. De lêzer komt der stadichoan efter dat Bernt Hof in muonts is, dy't it kleaster ferlitten hat. Syn wrâld is kantele trochdat er in leafdesrelaasje mei Diète oan-

gien is, in frou dy't gast wie yn it kleaster. Sûnder fundamint is der by him lykwols romte kommen foar waanbylden Hy beskreaut himsels op side 69 as 'in man dy't yn lytse brokjes in ferline wer en wer ôfbreket en wer en wer opboud, it mei triennen begraaft, it yn ferwiveling opdolt. In man dy't in relaasje mei in frou oan 'e iene kant fan 'e goudskeal leit en de oare kant ferswierret mei fossilen, reagen, oppripte flinters en de eangst dat er him net fersint.' Yn de waanbylden fan Bernt spylje de ideeën fan Jacob Mandeville in liedende rol. Wa't dy Mandeville is, en wat syn ideeën binne wurket Van der Meer spitigernôch net út, wêrtroch de poëtyske foarmjûne wrakseling frij abstrakt bliuwt. Hiel konkreet lykwols is in net te kearen prachtich barren dat foar Bernt de doar iepen set wer út de ûnderwâl te kommen.

De nijynkommeling Bernt Hof wurdt in wichtige oanlieding foar de oare beide buorlju it ûnderlinge kontakt wat oan te heljen. Se

binne ommers wol nijsgjirrich nei dizze sûnderlinge man. Fan it iene komt it oar. Ek eigen soargen komme yn dy petearen nei foaren, alhoewol't net altyd like oertsjûgend: buorman Bo en buorfrou Wilma prate bijgelyks wol hiel iepenlik ynienen meielkoar foar sa'n bytsje kontakt.

Dochs moat sein wurde dat Aggie van der Meer mei Pauwehûf wol in hiel moai subtyl en sympatyk byld jout fan hoe't buorlju mei elkoar omgean yn in wankel lykwicht fan nijsgjirrigens en betrusenens op elkoar.

Lykas yn al har wurk ûntbrekt it kritiske aspekt en de symbolyk yn dizze roman net. Yn Bruno en Wilma Faber en eks-muonts Bernt wurdt pynlik dúdlik hoe't minsken beknotte wurde kinne troch sels- of troch oaren opleine beheiningen yn namme fan it kristlik leauwe. De pauwe-eagen baarne Bernt yn de rêch as er gjin ried wit mei syn leafde foar Diète.

Ek yn de eskapade fan Bruno fine we in opfallend elemint. De hoan-

ne dy't yn de bibel syn eigen symbolyk hat kraait nét as Bruno yn de earms fan syn nije leafde leit.

De wichtichste ferhaalline is lykwols dy fan it bern Chris. Hoewol't it famke mar in beskieden rol spilet yn de roman, is sy de persoan dy't mei har suvere, pretinsjeleaze, yn ús eagen miskien nayve hâlden en dragen doarren iepenet. Se speget in wrâld foar dêr't allinnich mar fertrouwen yn de minske út sprekt. Se hat gjin weet fan de apen en bearen dy't heit en mem sjogge. En dat lit de skriuwster aldergelokst sa. „Under in himel fan gouden beammen, dêr't hûnderten fan fûgels songen, [hiene Chris en Daan stien], „en se holden fan elkoar. En dat soe sa bliuwe.”, lêze we op side 74. It is Chris (tink om dy namme), dy't troch har oanwêzigheid de lêzer wekker skoddet en súntsjes freget: oer wa en wat moatte wy ús eins soargen meitsje?

*Pauwehûf, Aggie van der Meer, útjouwerij Prysk&Frij, Ljouwert, 2005*